

## Noordwoolders, Koloniaals, Dúts

“It echte Frysk haw ik pas letter oppikt yn Warten by pake en beppe”



*It Stellingwerver mantsje keuvelet wat yn 't Dúts*

*(Foto: Argyf Fam. Wybenga-Post, Grins)*

*Ut in fraachpetear troch Jelma Knol yn Hjir, 1992:*

Ik bin yn Warten berne en wy ferhuzen doe't ik ien jier wie nei Noardwolde. It wie thús wat in aparte taalsitewaasje. Us mem kaam út Hollân, ús heit prate gauris ek Stellingwerfsk

## De Iytse famylje



*Fan links nei rjochts:*

*heit - Albert Jan Wybenga (Warten 1887-Wolvegea 1954)*

*pake - Jan Alberts Wybenga (Wytmarsum 1855-Wolvegea 1932)*

*Anna, neamd Anneke (Noardwâlde 1919-Snits 1999)*

*mem - Jacoba Martha Henriëtte Becude - neamd Koos (Amsterdam 1891-Wolvegea 1956)*

*dochter fan Jacobus Martinus Becude (1853-1932)*

*en fan Anna Landhuis (1849-1916)*

*Jan*

*beppe - Wikje Haites Snoekstra (Wolsum 1855-Wolvegea 1944)*

*(Foto: Argyf Fam. Wybenga-Post, Grins)*

Fan heites staach komt Jan ûnder oaren út in – frijsinnich – mennistefermidden, pake is tsjerkeriedslid, Jan syn heit is yn dit stik fan saken ‘neat’ en lit him dan ek net dope. Memmes laach is frijsinnich Nederlâns Herfoarmd. As mem achttjin is wurdt se op belidenis oannommen as lidmaat fan ‘e ‘Christeljike gemeente’ te Almelo op 4 april 1909. (Yn manlike line stamt de Becude-kant fan Hugenoaten ôf, mar dêr hat de famylje gjin weet fan.)

## Jan Ien en Jan Twa



*Jan jr. neamt Jan sr. Jan Ien. Oer pake 'Jan Ien' en beppe Wikje dichtet Jan Twa ûnder oaren yn Sibbichheden yn kj3 (Sjoch De acht bondels).*

*Jan-ien, earst bouboersfeint yn Arum,  
doe skoalmaster, kassier en túnker te Warten,  
wie sa'n 40 jier lyn ferneamd  
om syn slaad en grutte beane, -  
de lêste wurde ek sloffen neamd, -  
túnbouprodukten dy't er rispe by 't kuorfol.  
- Mar, sei ús beppe spitich, - it binn' sokerke únhuere protten,  
dat in oar hat der mar profyt fan, master.*

## **‘by in echte frije naasje’**

*Ut Moai waar en lange dagen:*

“De simmerfakânsje duorre dat jier krapoan twa moanne. Earst fytste ik mei in klupke jonges fjirtsjin dagen it lân troch: fan Ter Apel nei Scheveningen en fan Rotterdam nei Alkmaar. In Grinzer boppemaster seach derop ta en joech ûnderweis learsume ynformaasje. Hy neamde my ‘de frije Fries’, alhoewol ik tsjin him sein hie, dat ik net by de Fryske, mar by in echte frije naasje hearde.

*Akwarellen fan Warten (Katalogus nrs 5, 50 en 136)*





*Heit*, 1939 (Katalogus nr. 57)



*Mem*, 1939 (Katalogus nr. 56)



*Selsportret*, 1936 (Katalogus nr. 20)



*Anneke* (Katalogus nr. 175)

***Yn in notysje- en sketsboekje út 1939 tekenet Jan Wybenga syn maten*** (Katalogus nûmers resp. 84, 85, 86, 89, 92, 93, 94 en 99)



## Overcings Kladboek - tekene ferslach

As Jan Wybenga sa't skynt mei syn skoalle in hoart op in folkshegeskoalle is, op it bûten Overcinge te Havelte yn Drinte, makket er dêr yn santjin akwarellen in soarte fan ferslach fan.

Opdruk omslach: D.V.R. TEKENSCHRIFT/1945

Op 'e titelside binnenyn yn syn hânskrift: Overcings/  
Kladboek/getekend door/Jan Wybenga/Uitgave. N.V.

Overcingse Muurkrant/"de Olijke Orenkruiper" in het  
MCMXLV. (Katalogus nr. 129)



En in het jaar  
onzes Heren 1945  
beleefde het  
de invasie  
van een  
den berooidste  
horden, die men  
zich denken kan.

een troep schoolmeesters en  
-juffens.







*La cinquantenaire de la ruelle*, 1939 (Katalogus nr. 112, de titel kin slaan op in terras yn Brussel).

## **hurrel: ‘een enorme schok’**

**“Oft it echt as in skok kaam, doar ik net te sizzen”**

Yn 1952 publiseart Jan Wybenga yn *De Tsjerne* de syklus *hurrel* (=opskuor), in rige fan sân fersen ‘(...) *dêr’t er yn 1952 de ‘Tsjerne’-lêzers danich mei skokte*’, skriuwt literatuerhistoarikus Klaes Dykstra yn 1976 (*Lyts hânboek fan de Fryske literatuer*, 1976).

Yn 2006 seit literatuerhistoarikus Babs Gezelle Meerburg: *De belangrikste moderne dichter die in De Tsjerne publisearde was Jan Wybenga. In 1952 bracht zijn gedicht ‘Hurrel’ (‘Opstootje’) een enorme schok teweeg. (Zolang de wind van de wolken waait-Geschiedenis van de Friese literatuur, 2006)*

It earste gedicht yn dy syklus (dat neffens Jan Wybenga dan

tagong te finen ta alderhanne nijs, mar ja, dêr sil ek wol in ein oan komme.

*Leeuwarder Courant, 23 okt. 1954:*

En wat sitte wy allegearre tangele mei ús bloedige earnst! Jo moasten ris witte wat ik oer myn ‘Hurrel’ hearre moatten haw...

## **Modern dichter “in miny-literatuer -dat is my net yn tank ôfnommen”**



*Selsportret, n.d. (Katalogus nr. 40)*

*Lyts hânboek fan de Fryske literatuer-Klaes Dykstra, 1976:*

Wybenga is wol modern, mar (ôfsjoen fan de foarm) benammen net útsprutsen eksperimenteel.


## Yntellektueel kastesysteem “Dêr ha 'k my altyd ôfgrysluk oan ergere”



*le peintre anti-fasciste Jan Wybenga dans son veston anti-militariste aux triangle les rouges, n.d. (Katalogus nr.174)*


# De eerste bundel

*Amoeben*, 1954



*It omslachûntwerp is fan Jan Wybenga sels*

Wybenga hie earst as titel *Else* yn 'e holle, no stiet dy boppe de tredde ûnderôfdieling.



*Proeven foar it omslach*

## Status

“om as dichter oansprutsen te wurden, dat is sjenant”



*Op 20 oktober 1967 binne Fryske poëten byinoar op ien plak, no yn De Lauwei te Drachten.*

*F.l.n.r.j.: Tsjerk Veenstra, Leo Popma, Oene Spoelstra, Tiny Mulder, Anne Hellinga, Tjitte Piebenga, Jan Wybenga, Jan J. Bylisma, Durk van der Ploeg, Meindert Bylisma, Jan Dotinga, Freark Dam, Steven de Jong, Geart van der Zwaag en foar it buordsje Ella Wassenaer (Lipkje Post-Beuckens). (Foto: Tresoar, Ljouwert)*

*Ut in fraachpetear, 1968:*

Ik wol wol bekenne dat ik der neat foar fiel om as dichter oansprutsen te wurden, want dat is sjenant. Je binne no ienkear dichter en je kinne der net ûnderút, mar gjin dichter hoecht him yn te byldzjen dat de status fan dichter yn maatskiplik of wat oar ferbân ek, wat te betsjutten hat. Ik haw al sein dat de lyryk yn Fryslân ôfgrysliek oerskat is. As men sjocht hoe lyts de belangstelling foar de lyryk is, dan betsjutte de jûchheis as der wer in poëzyfestival slagge is, fansels ek neat.



## ALLE LOF

In greep út skôgingen

### AMOEBEN en BARAKKEKAMP

*Sjoerd Leiker (1914, sjef-redakteur Het Vrije Volk)-Jan Wybenga, Het Vrije Volk, 10 aug. 1965:*

Zijn werk is modern. Hij heeft een uitgesproken eigen toon. Wat hem onderscheidt van de experimentelen is dat zijn gedachtenwereld navoelbaar is. Dat wil zeggen: hij heeft iets mee te delen en verbergt dat niet in een cryptische, strikt persoonlijke taal. Het liefst gebruikt hij de taal van alle dag. Hij bereikt daarmee verrassende effecten.

*Durk van der Ploeg (1930, dichter, skriuwer, typograaf), Gysbert Japikspriis komt Jan Wybenga ta-Leeuwarder Courant, 20 aug. 1965:*

Wybenga (...) is yn it lêste desennium as ien fan de meast progressive en yntelliginte figueren nei foaren kommen yn de Fryske literatuer. Jan Wybenga gedraacht him lykwols net as in man fan de literêre highbrow (...) poëzij is foar him in ferskynsel dat by it libben heart. En it libben is yn wêzen krekt sa simpel en fol bekoaring as de poëzy sels. Dêrom by Jan Wybenga net in grutte ôfstân tusken libben en leare, mar syn poëzy is it libben. Hy is dêrom mei syn hiele bestean yn syn poëzy engazjearre. Jan Wybenga skriuwt ek gjin poëzij om de poëzij, mar om't er it somtiden net litte kin, lykas in minske dy't toarst hat drinke moat.

Poëzij is foar Jan Wybenga de earnst en de humor fan it libben. Syn felle irony, syn skerpe formulearring jouwe oan syn fersen in deminsje mear en it is in aparte smaak dêr't se mei krûde binne. Hy stjit mei syn wurk troch ta oant no ta ûntagonklike gebieten en set in folslein nije wrâld foar jin del (...). Hy assosjearret lokale begripen oan in hiel eigen

*Ut deiboeknotysjes fan Jan Wybenga - 25 augustus 1984 (1984, hânskrift Tresoar 2002.101.1.8):*

Wat der oan kritiken oer skreaun is, is meast net de muoite wurdich: men sei der wat oer, omdat it moast, mar men wie der winliken mei oan.

## Gjin krityk

**“altyd jûchhei. Dat is mislik”**

*Ut in fraachpetear, 1968:*

’t Nuvere is, dat ik op myn âlde dei foar myn plezier begjin te skriuwen. Ik skriuw no presys wêr’t ik sels nocht oan haw.

*-Hoe komt dat? Hoecht it allegearre net mear sa dreech om dy?*

Miskien wol om’t ik hielendal losrekke bin, hielendal, fan elk literêr kontakt, oars as skriftlik.

*-En omdatsto fan it idee ôf bist datst dysels befestigje moatst as dichter.*

Hoe wit ik dat dan? Dat is ommers ek altyd glydzjend. Ik mei, sûnder der grutsk op te wêzen, God noch wol altyd tankber wêze foar wat der fan my telâne kommen is yn dat Fryske miljeu. Ik haw ek noch noait ien wurd fan krityk hân. ’t Wie altyd jûchhei. Dat is mislik. ’t Is dysels ek oerkaam net? [Tiny Mulder (Beetstersweach 1921-Jellum 2009) hie yn 1968 twa dichtbondels op har namme, yn itselde jier soe noch ien folgie en letter noch trije. Yn 1986 krige se de Gysbert Japicxpriis foar har hele oeuvre]

En as der alris wurden fan krityk kamen, dan wie it op grûnen dêr’t men maklik trochhinne sjen koe, gewoan in fersin fan de man, datst sá oantoane koest. Soks haw ik hân mei Steven de Jong. [Ljouwert 1935, hie yn 1968 ien dichtbondel publisearde, der kamen noch seis. Hy krige yn 1992 de Gysbert Japicxpriis foar syn roman *De Wuttelhaven del*]



## Twa kear de Gysbert - in unikum

“soe der no wier net in oarenien west ha”



*Op 'e foto Jan Wybenga, Sietske Wybenga-Post en Anneke Bokma-Wybenga nei de útrikking op it Stedhûs te Boalsert.*

*(Foto: Argyf Fam. Wybenga-Post, Grins)*

Jan Wybenga nimt foar de twadde kear de Gysbert Japicxpriis oan. No hat lyts frysk deadeboek him helle.

Yn 1965 krijt er de oarkonde út hannen fan Kommissaris fan de keningin H.P. Linthorst Homan, dy't him yn 't Hollâns tasprekt; op 25 oktober 1977 fan kultuer-deputearre Jaap Mulder mei in speech yn 't Frysk.

*Ut de taspraak fan deputearre Jaap Mulder:*

Fan 't jier wie it probleem net it ûntbrekken fan kwaliteit. De advyskommisje wie fan betinken dat der neffens literêre mjitstêven 'wol te priizgjen' auteurs wiene. De beswieren kamen, doe't bliken die dat ien fan dy aspirant-priiswinners de

## Poetry International Festival 1982

“Wel was van hem een zweempje van humor te bespeuren”



*Jan Wybenga is de earste Fryske dichter dy't op Poetry International Festival foar it buordsje komt, Rotterdam yn 1982*

*(Foto's: Pieter van der Meer, Rotterdam)*



*Jan Wybenga alheel links*



*Herberch De Dolfijn* (Katalogus nr. 122)

#### BALLADE FAN 'DE DOLFYN'

De herberch 'De Dolfyn' stie by  
de brêge. Efter it glêsguod  
glimden spegels yn 't buffet en  
op 'e taap stalle in tegelbak  
de bitters út fan Catz en Zoon,  
wyls oer rûge kokosmatten  
pommeranten manlik trêden  
om 't glêde lekken, keu omheech.

*Ut Easterstreek, 1e kûplet.*



*Selsportret*, 1936 (Katalogus nr. 8)

Dit is de plek  
wantrouwen ontzenuwt hier de moed tot inkeer  
in dit nauwe duindal komt het wel voor  
dat men zichzelf ontmoet  
dat men zichzelf aanziet  
dat men moet lezen in de andere blik  
Dit aard suizelt van angst en vrezen  
*(n.d., h nskrift Tresoar 2002.101.1.11)*